

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal



© kaartje Eekhoff 1849

De terp Strûpenkeal

Strûpenkeal is in terp fuort by Folsgeare. Fan it fiadukt oer de A7 ôf, by de ôfslach Snits kommend fan'e kant fan Boalsert, is in bochtsjend restant fan'e âlde molesleat te sjen en rjochts stiet in terp yn it lânskip, mei beammen der om hinne. It is in foar dizze omkriten in tige hege terp, goed 3 meter. Foar in soad minsken in ûnbekend, mar tagelyk unyk monumint.

Foardat de terp oanlein waard, hat der al bewenning west op dit plak. Tusken fynsten yn'e terpsaal fan'e terp kamen skerven út'e lette izertiid / begjin Romeinske tiid foar it ljocht, tagelyk mei inkele tsientallen brokstikken rau-izer dat wolf neamd wurdt. Dizze wolf is produsearre yn leechûnen, dy't folle waarden mei izeroer dat ryklik foarhannen wie yn en lâns de Ald Rien of Groote Rijn. Foar de

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal

minsken dy't harren hjir goed twa iuwen foar it begjin fan'e jiertelling nei wenjen setten, sil de oanwêzichheid fan grutte hoemannichten izeroer in trochslachjaande faktor west hat. Fynsten fan Romeinske munten noardlik fan'e terp, jouwe oan dat de bewenners kontakt hân hawwe mei de bûtenwrâld.



Izeroer anno 2011 yn'e
Ald Rien

foto Atse Bruin

Der binne om Strûpenkeal hinne mear as ien feanterpen fûn, wat oanjout dat it in, foar dat tiidrek, tichtbefolke gebiet west hat.

Troch in feroaring fan klimaat koart nei it begjin fan'e jiertelling, stiiht it seewetterpeil en wurde dy iere bewenners fan hûs en hiem ferdreaun. Op en om'e orizjinele terp wurde noch altyd ierdewurk skerven werom fûn út dat tiidrek.



In brokstik wolf út'e terpsaal fan
Strûpenkeal

foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal


In skerf bânstreep ierdewurk, fersierd mei fingerstreden, fûn tichtby de terp Strûpenkeal.

foto Atse Bruin



Troch in feroaring fan klimaat koart nei it begjin fan'e jiertelling, stiiht it seewetterpeil en wurde dy iere bewenners fan hûs en hiem ferdreaun. Op en om'e orizjinele terp wurde noch altyd ierdewurk skerven werom fûn út dat tiidrek.

Der binne noch gjin diken, de minsken wenje mei it fee yn dizze tiid fan in soad oerstreamings heech en drûch op'e terp. It foardiel fan'e oerstreamings is, dat it seewetter sâlt efter lit yn it fean. Sâlt is yn dy tiid in tige weardefol artikel. It winnen fan sâlt út it fean wurdt 'zelnering' neamd. It fean mei sâlt wurdt útgroeven en ferbrând yn in spesjale ûne. De oerbleaune jiske wurdt mungen mei wetter en wer útsean oant it sâlt oerbliuwt. Dit einprodukt wurdt brûkt foar eigen gebrûk of as betelmiddel.



Dûnkergrêft is it gebiet dêr't zelnering syn beslach krige. It oerflak fan'e terp komt op dit kaartsje ek nei foaren.

kaartsje: Fryske Akademy

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal

As begjin 10e iuw begûn wurdt mei it oanlizzen fan diken, ferdwynt de needsaak om terpen oan te lizzen. It doarp Foldesgara wurdt koart dêrnei stichte en der komt in gongelpaad fan 'e terp nei it nije doarp.

De earste bewenner fan Strûpenkeal dêr't wy wat fan witte is Buwa Peekaz dy't der yn 1511 meijer is. Eigners binne Lubbert Peters en syn suster Naenka út Snits. It lân leit leech en bestiet út Haenland, Saedland, Hoijland, Rijedland, in wijer (wetterbekken) en de terp.

Om 1809 hinne keapet Ruurd Freerks Abma de buorkerij, mei 35 pûnsmiet lân der by, om syn bern in takomst te jaan. Om't de bern no noch te jong binne, wurdt de buorkerij earst ferhierd. As soan Freerk Ruurds Abma yn 1839 trout mei Tjitske Johans Cossen wurdt hy de earste Abma op Strûpenkeal.

Nei syn ferstjerren yn 1858 wurdt hy opfolge troch Lolke Ulbes van Wieren. Lolke is in soan fan Gerritje Ruurds Abma út har twadde houlik mei Ulbe Lolkes van Wieren. De buorkerij bliuwt yn 'e famylje oant 1888 en komt dan yn 'e ferkeap. Notaris Peerenboom út Boalsert keapet de buorkerij en dizze wurdt ferhierd oan Hessel Jans Boersma en Doite Wiersma. Troch it hommels ferstjerren fan Hessel Jans yn 1891 komt de buorkerij opnij yn 'e ferhier.

Lieuwe Cossen en Marie Jans Rienstra binne krekt troud en sykje in plak om te begjinnen. Alhoewol't de buorkerij efterôf leit, binne se bliid dat se in kâns krije. Se wurde de nije hierders.




Strûpenkeal yn 'e tiid dat Lieuwe Cossen der boer is.

Foto: Cossen boek

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal



kaartsje

Netteplan
1887

De terp is noch ien gehiel en bestiet út perseel nûmer 82 t/m 87. Perseel nûmer 87 hat de fjildnamme “de Terp” en der stiet in moune, nûmer 82. Dizze moune sil letter ferpleatst wurde nei de opfeart, nûmer 418.

De nûmers 70, 73 en 74 lizze yn it gebiet dat de Kealle Hey neamd wurdt. De set oer de Ald Rien yn de súdlike punt fan perseel nûmer 73 hjit dan ek de Kealle Hey set.

De ferfallen moune oan’e opfeart mei Strûpenkeal op’e eftergrûn. Links op’e eftergrûn de bosk by Epema State, Ysbrechtum



foto kolleksje Feike van der Velde

Nei it ferstjerren fan Lieuwe Sjrks yn 1916 komt Marten Kampen as hierder op’e buorkerij. Marten Kampen hat in hierkontraakt oant 1922. Underwilens keapt

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal

Feike Boschma yn 1920 de buorkerij. Yn itselde jier wurdt it gemaal oan'e opfeart boud.

Yn dy tiid kin terpierde noch in kaptaal opbringe en Feike Boschma lit de terp ôfgrave. Foar de ôffier fan'e terpierde wurdt de laad- en loswâl brûkt dy't bylâns perseel 87 oan'e opfeart leit. It ôfgraven giet safier, dat de foargevel fan'e buorkerij driget te fersakjen, dat der moat wer ierde oanfierd wurde om slimmer foar te wêzen.

It gemaal docht tsjinst oant 1993. Dan wurdt it ferfongen troch in nij gemaal oan'e Himdyk.

Feike Boschma hat de buorkerij kocht foar syn soan Hessel Feikes Boschma. Hessel trout yn 1922 mei Marijke de Boer en it stel komt dan op'e buorkerij. Hessel en Marijke wenje dêr oant 1931, wêrnei't Gorrit Feikes Boschma der noch oant 1935 boer wêze sil.

Dêrnei wurdt de buorkerij kocht troch Willem van der Velde, dy't troud is mei Wietske Boschma.

Yn 1958 ferstjert Willem van der Velde en widow van der Velde wennet mei help fan har bern oant 1965 op it stee. Dêrnei nimt dochter Boukje, dy't yn 1962 troud is mei Pieter Lycklama à Nijeholt, de buorkerij oer.



De buorkerij fóar de brân yn 1973

foto kolleksje Feike van der Velde

Harren âldste dochter Wietske fertelt yn'e "Subjectieve Atlas van Fryslân" oer Strûpenkeal. Ze wurdt grut op Strûpenkeal en as se seis jier is, moat se nei de legere skoalle yn Folsgeare ta. Se wurdt der mei de trekker hinne brocht. Sa stiet

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal

se dan foar it earst fan har libben op it skoalleplein, omsletten troch wenningen en minsken. It wrydske lânskip dêr't se oan wend wie, is dêr net.

Op 31 july 1973, as de gollen yn'e skuorre fol lizze, wurdt se midden yn'e nacht wekker makke. It wie yn'e middelste golle begûn te rikjen (heabroei) en se moat meihelpe om it smeulende hea út'e skuorre te heljen. As se letter wer op bêd leit, skrikt se wekker fan it helle ljocht foar har dakrút. Yn panyk draaft se lâns in brânende treppen nei bûten ta. De buorkerij brânt yn syn gehiel ôf. It gebou wie net fersekere en wurdt net wer opboud.

Sûnt leit de terp mei de resten fan'e ôfbrânde buorkerij yn it lânskip, omseame troch beammen.



Strûpenkeal nei de brân yn 1973

foto argyf Wietske
Lycklama àNijeholt

foto Wytse Heida



Dorpscanon van Folsgeare


De terp Strûpenkeal

De Ljouwerter Krante hat yn 2007/2008 in oprop oan'ê lêzers dien om in ferklearring te jaan foar de namme "Strûpenkeal". Der wurde in hiele protte ferklearringen troch de lêzers opstjoerd. Ien dêrfan is fan Feike van der Velde dy't syn jeugd trochbrocht hat op'ê buorkerij. Neffens him hat it te meitsjen mei it yllegaal slachtsjen. Dit wurdt ûnderstreke troch in artikel dat yn april 1918 yn'ê de LC stiet mei de kop:

Het geknoei op het platteland

Naar aanleiding van het bericht over het frauduleus slachten van een kalf door den landbouwer H te Folsgeare deelt men ons van bevoegde zijde mede dat bedoeld bericht zeer overdreven en onjuist is. De landbouwer heeft geen proces gekregen maar zijn overtreding gulweg goedge maakt door het kalf den armen in zijn dorp ten geschenke te geven waarmee de zaak geschikt is.

It sil lykwols wol in riedsel bliuwe hoe't de terp wier oan syn namme kaam is.



De terp leit no noch yn in wrydsk lânskip, mar dat sil feroarje sa't bliken docht út'ê tekening út'ê "Subjectieve atlas van Fryslân" fan Wietske Lycklama à Nijeholt.

Dorpscanon van Folsgeare

De terp Strûpenkeal

De rie fan'e gemeente Súdwest-Fryslân hat yn 2019 ynstimd mei de oanlis fan it bedriuweterrein Hemmen III. It lânskip sil foar in part ferdwine en plak meitsje foar bedriuwsgedouwen dy't de terp Strûpenkeal út it sicht ferdwine litte sille.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, kolleksje Feike van der Velde, Wietske Lycklama à Nijeholt, Wytske Heida, it Cnossen boek

Kaartsjes: Eekhoff, Fryske Akademy

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.